

Frysk prate yn Fryslân

Learsto Frysk en wolst it graach mear prate – net allinnich yn it leslokaal mar ek dêrbûten? – Goed om te hearren! Hjir wat tips foar asto ûnder de minsken bist yn Fryslân.

In soad Friezen fine it geweldich dat oaren Frysk leare wolle en it ek prate wolle. Mar dochts... Do silst minsken tsjinkomme dy't wat ôfhâldend binne om Frysk mei dy te praten, dy't oerskeakelje nei it Nederlânsk sadree't se hearre datsto gjin memmetaalsprekker bist, dy't dyn Frysk ferbetterje, of dy't wat lakerich dogge as se dy Frysk praten hearre. Mar lit dy dêrtroch net ûntmoedigje!

Stap ris yn harren skuon.

It Frysk is in minderheidstaal yn Nederlân, en in soad minsken dy't opgroeid binne mei it Frysk:

- hawwe ferfelende opmerkingen krigen fan Nederlânsktaligen – se kinne no dus wat ôfhâldend wêze om harren eigen taal te brûken mei ien foar wa't it Frysk net de memmetaal is;
- binne sa wend om harren oan te passen en allinnich mar Nederlânsk te brûken tsjin Nederlânsktaligen dat it foar harren ûnfatsoenlik fielt om dan Frysk te praten;
- hawwe altyd te hearren krigen dat it Frysk minder wichtich is as it Nederlânsk yn it ûnderwiis, op it wurk en yn it iepenbiere libben – it fernuveret harren somtiden dat immen it leare wol.

Watsto tinkst

Wat ûnfatsoenlik! Dy persoan giet gewoan oer op it Nederlânsk as ik Frysk tsjin him/har besykje te praten!

Wêrom skeakelje hy/sy no oer op it Nederlânsk? Is myn Frysk net goed genôch?

It is sa frustrearjend as minsken my hieltyd ferbetterje. It is krekt as bin ik in skoalbern dy't troch de learkrêft oerheard wurdt!

Wat flau dat hy/sy my útlaket om hoe't ik Frysk praat! Wurd ik dan nea akseptearre as ûnderdiel fan dizze mienskip?

Wat sy tinke

Nederlânsk prate is yn dizze situaasje it fatsoenlikst – sa ha ik dat leard.

Ik wol dit petear foar de oar graach sa maklik mooglik meitsje en gean mar fierder yn it Nederlânsk.

Tsjong, dizze persoan leart Frysk! Ik wol him/har helpe noch better Frysk te praten en jou oan wat hy/sy ferkeard docht.

Wat in ferrassing om him/har samar Frysk praten te hearren. Dêr moat ik efkes oan wennen. Mar moai dat hy/sy de muoite nimt!

Wat kin dy helpe yn petearen mei Frysktaligen?

1. Bewustwêzen. Betink dat de oare dy besiket te helpen en fatsoenlik wêze wol. Ek al fielt dat net altyd sa.

2. Iepenheid. Fertel de oar datsto graach Frysk mei him/har prate wolst – en jou oan wat hy/sy dwaan kin om dy te helpen de taal better yn 'e macht te krijen..

3. Trochsettingsfermogen. As de oar weromfalt yn âld gedrach, bring dan wer even yn it sin wat'st earder sein hast. It kin helpe om dêrfoar in sinjaal ôf te praten: bygelyks, even koart mei de hân swaaie om oan te jaan dat de oar gewoan Frysk praten bliuwe kin.

SET 'M OP! DO KINST IT!

... en asto wat mear motivaasje nedich hast om it Frysk fol te hâlden, besjoch dan dizze fideo's op de side fan *Praat mar Frysk – ek mei nije Fryskpraters*:

www.praatmarfrysk.nl/nijefryskpraters

